

Op besite by de labadisten yn Wiuwert

F3D 0-9-'12

Roman

troch Jaap Krol

Thomas is in jonge studint teology út Frentsjer, dy't oan de ein fan de santjinde ieuw nei Wiuwert ôfset om't er tige nijsgjirrich is nei de mien-skip fan de labadisten. Dat binne folgelingen fan de ta it kalvinisme bekearde preester Jean de Labadie (1610-1674), dy't nei in swalkerperioade in ûnderkommen fûn hawwe yn de Walta-state. 'Dies Diem Docet' is it motto fan de sek-te: 'Alle dagen falt der wol wat te learen.' Foar de jonge teolooch falt der dan ek hiel

wat te sjen yn dizze dochs wol frijfochten mienskip. Sa sitte de manlju en froulju net skaat by de earetsjinst of jûnsoefening, komme leken ûnder de preek oerein om in fraach te stellen of it wurd te nimmen en sitte de froulju ûnder de fiering gewoan te breidzjen. Mar wat graach wol Thomas mei Pierre Yvon yn kontakt komme, de slim sike lieder fan de groep, dy't troch syn folgelingen 'papa' neamd wurdt. Ien fan de eardere leden fan de groep is Anna Maria van Schurman, krekt as Pierre Yvon in yntellektueel, waans teologyske traktaten

Thomas nijsgjirrigens allin-nich mar grutter meitsje.

Kar

De teolooch fielt him eins wol thús yn dit fermidden, ek om't er de moaie Klaaske tsjin it liif rint en syn leafde foar har hieltyd grutter wurdt. Dochts merkt er yn petearen en kon-frontaasjes mei ferskate leden dat ûnder de oerflakte guon saken net altyd suver rinne. As er him hieltyd mear bewust wurdt fan syn eigen identiteit en achtergrûn, komt de leafde foar Klaaske hieltyd mear op skerp te stean en moat er in kar meitsje.

Tineke de Jager-van der Zee skreau mei *De Bosklju* in moai boek oer in nijsgjirrige tiid. Sterk oan it ferhaal is de yn-stek dat minsken net yn swart of wyt beskreaun wurde, mar yn de teologysk sjoen woeste santjinde ieu yn alle rêst griis bliuwe. It bringt de minsken tichteby en lit se hiel natuerlik bewege yn harren omjouwing. Ek wol ik in komplimint jaan foar it skerpe each foar detail fan de skriuwster.

Tagelyk fyn ik ek dat De Jager-van der Zee dizze tige nijsgjirrige matearje wol wat kreativer brûke mei. Soms is *De Bosklju* wat saai, as soe

it der foaral om gean om it godfrezende lânskip sa se-kuer mooglik te ferwurdzjen. Teology is minskewurk: it is wurdkeunst dy't ús ieuwenlang foar fragen en dilemma's steld hat. Skriuwe is ek minskewurk: it is wurdkeunst dy't dizze fragen en dilemma's sa eigensinnich mooglik foarmjant kin.

i *De Bosklju. Tineke de Jager-van der Zee.* KFFB, 16 euro

